

Kete yn 'e karavan

FD 12-11-12

Frysk

troch Jaap Krol

Halbe, Jeroen, Rinze, Pieter en Freek, dat binne de jonges. Nynke, Amber, Femke en Melissa sa hjitte de famkes. De jeugd fan Annawâld (fiktive namme) komt de tiid troch mei hingjen en chillen, sûnder dat der in echt chillplak is. It idee in keet te begjinnen op it hiem fan boeresoan Halbe wurdt dan ek optein begroete. It doarpsplein foar de jongerein wurdt sa it plak dêr't problemen bepraat wurde en dronken wurdt, dêr't nei fuotbal sjoen wurdt en spultsjes dien. Meiïnoar geane se op stap nei de feest-

tinte yn in oar doarp, dêr't se – hoe kin it ek oars – spul krije mei de jongerein fan de konkurrearjende keet. It is it begjin fan in hite fete.

As groep liket de jeugd fan Annawâld miskien hecht, persoanlik falt it libben foar dizze pubers net ta. Der binne konflikten yn 'e holle, rúzjes mei âlden en strideraasjes ûnder inoar. Der binne ek dreamen en langstmen. De moaie Freek bygelyks wol graach artyst wurde en jout him op foar de *X-Factor*; de ûnwisse Nynke falt op Freek en wol net mear ferplicht volleybalje.

It measte te lijen hat de hyperaktive Pieter, in jonge mei

in earnstich jeugdtrauma. Hoewol't syn freonen foar him troch it fjoer gean, kin er syn gerak mar net fine. De ferhâldings binnen de freone-

Each foar ûnwisse, oerdreaune en ferbiten pubers

club wurde dan ek op skerp set as Pieter syn gedrach hieltyd nuverder en ekstremer wurdt.

Nei de rock 'n' roll-roman *De Reüny* (2011, oer in freo-

nen-popgroep dy't it nochris besiket) komt skriuwer Freddy Scheltema no mei in boek oer de hjoeddeiske jeugdkultuer yn in doarp. De keet fan Annawâld is in ûnderhâldend ferhaal, dêr't humor en tragyk hân yn hân geane. Scheltema hat each foar de ûnwisse, oerdreaune en ferbiten hâlding fan pubers, sa eigen oan dizze libbensfaze. It libben yn 'e keet is ien lange rige rites de passage, dêr't jongerein ynwijd wurde yn 'e geheimen fan it libben, hoe wreed dy faak ek binne.

Net alle passazjes oertsjûge. As Amber bygelyks fertelt dat se troch de konsjerzje lestich fallen is en Femke de

saak eefkes rjochtlûkt, is de kwestje fuort beslikke. Mar sa folwoeksen binne pubers net; se balansearje altyd op it snijpunt fan skrik, leffens, eangst en ûnwissens. De rites wurde faak wat skematysk útwurke, wêrby't pubers ynienen folwoeksenen binne en âlden ûnmooglike pubers. Dat nimt net wei dat ik mei in soad nocht op besite wie yn 'e keet.

i Keet fan Annawâld. Freddy Scheltema. útjouwerij Elikser, 15 euro

